

## Hokker learteoryen sitte der achter CLIL?

### Weromsjen

1. Wat betsjutte:

- BICS/DAT?
- CALP/CAT?
- taalontwikkelend lere
- CLIL
- bijtjesdag

2. Hoe komt it datst de betsjutting fan de begripen fan fraach 1 wol/net jaan kinst?

### Behaviorisme, ynteraksjonisme/konstruktivisme, konstruksjonisme

3a. Hoe hasto it fytsen leard?

b. Hoe hasto leard om yn 'e winkel achter yn de rige stean te gean?

c. Hoe hasto leard om in PowerPoint te meitsjen?

d. Hoe hasto leard om yn it Frânsk twa kofje mei molke en in tosty te bestellen?

e. Hoe sjochst de boppesteande learteoryen werom yn dyn learproses?

### Kontekstrikke vs kontekstearme werhelling

4a. Wat is 'trije grutte glêzen bier' yn it Frânsk?

b. Soest dat op in toets fluch genôch betinke kinne? En op in Frânsk terras mei in ûngeduldige ober?

c. Wat is yn geef Frysk it ôfslutend mulwurd fan *feie*?

d. Soest dat op in toets fluch genôch betinke kinne? En yn in petear mei dyn dosint Frysk?

e. Wat is goed Frysk: *It is om moai om goed Frysk skriuwe te kinnen* of: *It is moai om Frysk te kinne skriuwen*?

f. Soest dat op in toets fluch genôch betinke kinne? En yn in petear mei dyn dosint Frysk?

5. Stel, do wolst dat in learling it Fryske wurd *gearkomste* ûnhâldt, begrypt, op 'e toets reprodusearret en yn syn spontane taal ek brûkt. Hoe fier komst dan mei de folgjende metoaden?

a. ien kear útlizze dat *gearkomste* geef Frysk foar 'fergadering' is;

b. tsien kear útlizze dat *gearkomste* geef Frysk foar 'fergadering' is;

c. it wurd yn in wurdlist sette, dy wurdlist as húswurk opjaan en him toetse;

d. it wurd sels hiel faak brûke ("Ha jonges, sorry dat ik sa let bin, ús dosintegearkomste rûn wat út");

e. yn lytse groepkes mei de learlingen/kursisten prate oer "de typysk Nederlânske gearkomstekultuer";

f. de learlingen/kursisten in pear wike staažjerinne litte op in kultureel ynstitút dêr't elkenien *gearkomste* seit en dêr'tst fuort korrizjearre wurdst ast *fergadering* seist.

6a. Wat is *taalgroei* en wat is *taaltoetsing*?

b. Is behavioristysk taallearen foaral rjochte op taalgroei of op taaltoetsing?

c. Is kontekstearm learen foaral rjochte op taalgroei of op taaltoetsing?

d. Hoe soe ûnderwiis derút sjen moatte dat rjochte is op taalgroei, ast sjochst nei dyn antwurden op de foarige fragen?

### Sône fan neiste ûntwikkeling

7. "It hat derfan dat de ekstraposysje fan *te*-ynfinitiven fierhinne ta it ferbale skift beheind is."

- a. Begrypsto de boppesteande sin?
- b. Soe sa'n sin thúshearre yn in Afûk-learboek?
- c. Wa soe sa'n sin fuortendaliks begripe, tinkst?
- d. Hoe gaadlik is sa'n sin om him yn CLIL-ûnderwiis te brûken?
- e. Wêrom is it nuttich om learders derop te wizen dat se ûnbekende wurden opsykje kinne of sels moatte?
- f. Komme learlingen en studinten altyd sels op it idee om ûnbekende wurden op te sykjen? Wêrom wol/net?

### Scaffolding (steigerbou)

8. Ast learlingen of kursisten de opdracht joust om - bygelyks - in Frysktalige folder te meitsjen, dan reint it faak fragen yn de trant fan: "Menear, wat is it Fryske wurd foar ...?" en "Mefrou, hoe skriuwst ...?"

- a. Wêrom is it - yn it ramt fan taalûntwikkeljend learen - goed dat learlingen sokke fragen stelle?
- b. Wêrom is it - yn datselde ramt - net altyd goed dat lesjouters dy fragen beäntwurdzje?
- c. Hokker feardichheden hearre dus by taalûntwikkeljend learen?
- d. Stel, in Nederlânsktalige learling folget in CLIL-les biology yn it Frysk. Hy begrypt lykwols mear as 20 persint fan de wurden net dy't de dosinte op it boerd skriuwt. Hoe effektyf is dan de les?
- e. Wat kin in skoalle dwaan om de learling yn it foar foldwaande basiskennis te jaan?
- f. Wat kin de biologydosinte dwaan om har CLIL-les doch jaan te kinnen as de basiskennis net oanwêzich is?

### Domeinútwreiding

9a. Wêrom is it foar Frysktalige learlingen net sa sinfol as Frysktalich learmateriaal foar bygelyks biology yn deistige sprektaal skreaun wurdt?

- b. Wêrom is it ek net altyd handich om it hiel literêr-skriuwtalich te meitsjen?
- c. Hoe maklik is it foar metoademakkers en dosinten om in goede midlike wei tusken dy twa soarten Frysk te finen?